

Top 10: ús wichtichste spearpunten

Tiid foar herstel

Nieuw Sociaal Contract wol in oerheid dy't it publyk belang tsjinnet, har taken goed útfiert en leart fan flaters. Dy't earlik is oer dilemma's en minsken meinimt by ôfwagingen. Dy't earlik tajout dat net alles oeral kin of tagelyk kin.

Yn ús programma wolle we letterlik in Nieuw Sociaal Contract tusken oerheid en boarger. Ús programma is ambisjeus, mar it jout oare en echte oplossingen mei goed bestjoer en bestearssekerheid as prioriteiten.

Mei ús agenda en mei 44 entûsjaste en deskundige kandidaten stean wy klear om, mei dyn stipe en stem, ús plannen yn Den Haach foarm te jaan.



1. Goed bestjoer

De oerheid is de ôfrûne jierren op in grut oantal dossiers tekoartsjitten nei de boargers fan Nederlân ta. Tink oan it **taslaggeskandaal**, de gaswinning yn Grins en it negearjen fan de regio's.

In yngripende renovaasje is needsaaklik: de oerheid moat bettere besluten nimme, bettere wetten meitsje, mear each hawwe foar de útfiering en foar de gefolgen, en soargje foar bettere publike tsjinstferliening. De **minsklike maat** en it **sûn ferstân** moatte werom yn alle lagen fan it bestjoer.

We jouwe de Twadde Keamer mear mooglikheden om de regearing te kontrolearjen en **herstelle de rjochtssteat**. We sette in grûnwetlik hôf op dat de nije wetten toetst oan de boargerrjochten yn de grûnwet en dermei de boargers beskermet. We fiere **wetlike yntegriteitsregels** yn foar politisy, lykas in draaidoarferbod, in ôfkuolperioade en in wetlik lobbyregister. We fiere bettere wetlike beskerming yn foar **kloklieders**, meitsje de **ryksynspeksjes** ûnôfhinkliker en jouwe harren mear earmslach. Sa wurdt der earder yngrypt by skandalen en misstannen.

We drage aktyf by oan in politike kultuer dêr't ynhâld, transparânsje en in respektfolle omgong mei inoar sintraal stean. Elke brief mei in rjochtsgefolch hat kontaktgegevens fan in amtner.



2. Bestearssekerheid

De oerheid hat de grûnwetlike opdracht om oan bestearssekerheid te wurkjen. Mar hieltyd mear minsken komme net rûn en libje yn **grutte ûnwissichheid**. Hieltyd mear minsken kinne harren rekkens net mear betelje of komme amper rûn. Dizze ûnwissichheid ûnderminet it fertrouwen yn de takomst.

We meitsje earste libbensbehoeften lykas iten, enerzjy, wenje en soarch **betelber en berikber**. Dat betsjut dat we gau mear betelbere hier- en keapwenningen bouwe troch as oerheid de regy te nimmen en bouprosedueres te ferhastigjen. We **ferleegje**

de belesting op enerzjy foar gewoan húshâldlik gebrûk. We herfoarmje it stelsel fan belestingen en taslaggen sadat (mear) wurkje ek mear te besteegjen ynkommen opleveret. In **fêst arbeidskontrakt** mei goede sosjale fersekerings wurdt wer de noarm. En we reparearje ûnrjochtfeardichheden yn de sosjale sekerheid foar tsientûzenen minsken dy't ûnder it besteansminimum sitte troch komplekse regels.



3. Oanpak fan de wenkrisis

It grutte tekoart oan betelbere wenningen twingt minsken om belangrike keuzes yn harren libben út te stellen: byinoar wenje, bern krije of ferhúzje foar in nije baan. We moatte sa gau mooglik in soad betelbere en geskikte wenningen bouwe om it oanbad te fergrutsjen. Dat freget **mear lanlike regy**. Wy wolle it makliker meitsje om yn stêden en doarpen (ek oan 'e râne) wenningen by te bouwen. We meitsje konkrete ôfspraken mei wenningkorporaasjes oer de bou fan **350.000 ekstra hierwenningen** en jouwe ûntwikkelders de romte om (betelbere) keapwenningen te bouwen. We stjoere oan op koartere bouprosedueres, jouwe romte oan nije en fleksibele wenfoarmen en soargje foar genôch boulokaasjes. We lizze hierferhegingen oan bannen.



4. In hâldbere migraasje

De befolking groeit troch oanhâldende migraasje no te hurd: ferline jier mei mear as 220.000 minsken (wêrûnder de flechtlingen út Oekraïne). Elk jier in stêd as Eindhoven derby bouwe, dat kin ús lân net oan. Wy wolle it (netto) oantal ymmigranten beheine ta **50.000 yn it jier** troch in selektyf en strang migraasjebelied te fieren.

We **beheine de arbeidsmigraasje** troch belestingfoardielen fan arbeidsmigranten yn te krimpen. We pakke malafide útstjoerburokonstruksjes oan en sette in rem op groeiskoaren wêr't sawat allinne arbeidsmigranten wurkje, lykas distribúsjesinde.

We **beheine stúdzjemigraasje** troch it Nederlânsk wer de standerttaal oan de universiteiten te meitsjen, te begjinnen mei bachelor-stúdzjes. Útsûnderingen foar ynternasjonale (master)opliedingen bliuwe mooglik.

We **beheine asylmigraasje**. We fiere in nij fergunningstelsel yn wêrby't minsken dy't tydlik beskerming nedich ha minder rjochten krije en hjir koarter ferbliuwe meie. Ek sette we yn op bilaterale of Europeeske migraasjeakkoarden en in better weromkearbelied foar ôfwisde asylsikers. We bliuwe in solidêre bydrage leverjen oan asylopfang, mar mei each foar de draachkrêft fan de Nederlânske maatskippij.



5. In goed pensjoen

In goed pensjoen is essinsjeel. Minsken dy't jierrenlang wurke en sparre ha, moatte genôch pensjoen krije om rûn te kommen en meidwaan te kinnen oan de maatskippij. We binne **net tefreden oer de nije pensjoenwet** dy't koartlyn oannaam is. Yn it nije stelsel kinne pensjoenen sûnder ynstimming fan de minsken sels omset wurde nei in nij kontrakt dat minder wissichheid jout. Dat jildt sels foar minsken dy't no al mei pensjoen binne. Wy wolle dat pensjoenoanspraken allinne feroare wurde kinne nei **ynstimming** fan de dielnimmers. We maksimalisearje de kosten dy't pensjoenfûnsen meitsje meie. Wy wolle dat it pensjoenstelsel **wissichheid** jout en mear rjochte is op behâld fan **keapkrêft**. We stopje mei it plan om in diel fan it pensjoen yn ien kear út te kearen om't sommige minsken mar 20% fan it bedrach netto oerhâlde omdat taslaggen weromfoardere wurde sille.



6. Stabiliteit yn Europa en de wrâld

De wrâld feroaret, de machtsbalâns ferskoot. We moatte yn Europeesk ferbân **gearwurkje** om ús demokratyske kearnwearden en ús belangen te beskermjen en te ferdigenjen. We kommittearje ús oan de NAVO-noarm om minimaal 2 prosint fan it bbp te besteegjen oan Definsje.

De Europeeske Uny moat har rjochtsje op dy saken dy't we allinne mei-inoar oplosse kinne, lykas **migraasje, klimaat en de stipe oan Oekraïne**. We spanne ús yn om de Uny transparanter te meitsjen en komme op foar it Nederlânske belang op it Europeesk toaniel. Yn it uterste gefal kieze we foar in 'opt-out': dan dogge we net mei in Europeeske ôfspraak mei.

Wy binne tsjin nije mienskiplike skulden of it opsetten fan nije permanente fûnsen. Europa moat gjin transferuny wurde wêrby't lidsteaten de EU foar harren problemen opdraaie lit. Nederlân moat pal stean foar **in solide euro** en in lege ynflaasje. Belestingheffing bliuwt in nasjonale taak.



7. In sûne leefomjouwing

Om de opwaarming fan de ierde te beheinen moatte ús ekonomy en enerzjyfoarsjenning gau minder ôfhinklik wurde fan fossile brânstoffen. We ûndersteune húshâldingen by it omskeakeljen nei **duorseme enerzjy** en soargje derfoar dat it útfierber en betelber bliuwt. Enerzjy is ommers in earste libbensbehoefte. We wolle ús yndustry **fergrienje, mar net ferjeie**. Dat freget om in goede gearwurking mei de rest fan Europa en wissichheid biede foar de lange termyn oan bedriuwen. We bouwe nije wynparken op see, lizze sinnepanelen op dakken en net op fruchtbere lânbougrûn, isolearje âlde wenningen, fersterkje it enerzjynetwurk en bouwe op syn minst **two nije kearnsintrales**.

Wy fine in skjinne leefomjouwing hiel belangryk en trede stranger op tsjin útstjit fan skealike stoffen troch bedriuwen dy't de folkssûnens skea tabringe. Wy **ferminderje de stikstofútstjit** om de natuer te herstellen, mar mei each foar takomstbestindige lânbou en de leefberens fan it plattelân. De aktuele stikstofwet giet fan tafel en wurdt ferdongen troch in realistsyk alternatief basearre op fermindering fan de wurklike útstjit.



8. Digitale leefomjouwing

Digitalisearing en data spylje in belangrike rol yn ús deistich libben. We **fersterkje** de digitale feardigheden fan boargers en bedriuwen om de kânsen fan digitalisearing te fersulverjen en bedrigingen de holle te bieden. Nije technologyen lykas keunstmjittige yntelliginsje jouwe kânsen foar bettere tsjinstferliening en effisjinter wurkje. Mar technology moat **tsjinstber bliuwe** oan de minske en oan de brede wolfear.

It taslaggeskandaal liet sjen dat de oerheid net altyd like sekuer omgiet mei gevoelige gegevens. Dêrom fiere we **strange regels** yn foar data by de oerheid. En der komme straffen foar de oerheid by it oertrêdzjen fan de argyfvet.

Nederlân mei gjin surveillânsesteat wurde wêryn't alle utingen en hannelingen fan boargers permanint folge wurde. We **beskermje boargers** dêrom better tsjin ynbreuken op harren persoanlike libbenssfear en begrinzje it brûken fan algoritmes by oerheidsbesluten. We wurkje oan it **fûneminteel feroarjen** fan it digitale

ynformaajsestelsel wêrby't boargers sizzenkip krije oer it brûken fan harren eigen persoansgegevens. Fan de ôfhinklikheid fan bûtenlânske big tech-monopoaljes wolle we ôf. En we beskermje oerheidssystemen en fitale sektoaren tsjin hacken en spionaaasje.



9. Tagonklike sûnensoarch

Goede, betelbere en tagonklike soarch is essinsjeel. Mar de druk op de jeugdsoarch, de âldereinsoarch, GGZ en oare foarmen fan soarch is enoarm. Der is te min persoanlik, te folle burokrasy en te min regionale gearwurking. We wolle de **minsklike maat werombringe** yn de soarch troch de adminstrative lêsten rigoereus werom te dringen en troch mear te **fertrouwen op de dokters en ferpleechkundigen**. Sy moatte nei eigen ynsicht wurkje kinne, mear tiid mei de pasjint trochbringe kinne en gearwurkje kinne oer de domeinen hinne. Ferpleechhuzen moatte **mear bêden** oanbiede kinne om de groeiende wachtlisten de holle te bieden. We beheine de ynfloed fan durfkapitaal op essinsjele tsjinsten yn de soarch lykas húsdokterposten en berne-opfangplakken. Creamsoarch wurdt fergees en de jierlikse kontrôle by de toskedokter komt wer yn it basispakket. Ek sette wy bot yn op prefinsje, sûn libje en sport.



10. De krêft fan de regio

Grutte parten fan Nederlân bûten de Rânestêd binne de ôfrûne jierren ferwaarloaze. Dat moat oars. We soargje mei **in oar kiesstelsel** foar in bettere fertsjinwurding fan de regio's yn de Twadde Keamer. Dit sil bydrage oan it behâld fan goede publike foarsjenningen yn alle parten fan it lân, lykas beropsûnderwiis, streeksikehuzen en plysje. We **ynfestearje** yn goed en fluch iepenbier ferfier en fiere gjin kilometerheffing yn. We meitsje binende ôfspraken mei provinsjes oer ynfestearingen yn de regionale ekonomy, ynfrastuktuer (diken, spoar, farwegen) en it kultueroanbod. Sa wurkje we oan brede wolfeart yn alle regio's. We **fersterkje de regionale gearwurking** tusken ûnderwiis, bedriuwslibben en oerheden, mei bysûnder omtinken foar it MKB.